

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

**Managementgearfetting
"Frysk en de Taalwetgemeenten"**

D / N G
T / / D

Orgaan foar de Fryske taal

Managementgearfetting

Oanlieding

Sûnt it yngean fan de Wet gebrûk Fryske taal ('Taalwet') yn 2014 ha de gemeenten yn Fryslân de ferplichting om regels op te stellen oer it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnling ferkear. Dy regels moatte yn alle gefallen bepalingen befetsje dy't rjochte binne op it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal yn de oangeande gemeente. Dêrneist moatte de gemeenten dy't ûnder de Taalwet falle – de 'Taalwetgemeenten', dat binne alle Fryske gemeenten útsein It Amelân, Skiermûntseach, Skylge, Flylân en Weststellingwerf – in beliedsplan oangeande it brûken fan de Fryske taal opstelle. Frysk taalbelied by de Taalwetgemeenten is dêrmei in tige relevante en aktuele kwestje. De measte Taalwetgemeenten ha yntusken in taalbeliedsplan foar it Frysk opsteld, wêrby't it bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk', ûnder foarsitterskip fan de provinsje Fryslân, grif holpen hat.

DINGtiid – it orgaan foar it Frysk, ynsteld by deselde Wet gebrûk Fryske taal (haadstik 4) – sjocht it as syn taak om te stypjen by it ûntwikkeljen fan Frysk taalbelied. Dat docht DINGtiid troch advizen út te bringen en troch minsken en organisaasjes byinoar te bringen om oer tema's te praten, inoar te stimulearjen en te ynspirearjen, ynsjoggen út te wikseljen, en mei-inoar ta nije ideeën te kommen. Dizze managementgearfetting jout in moai beheind oersjoch fan de útkomsten fan ûndersiken en DINGpetearen (minsymposia) dy't DINGtiid de lêste jierren opset hat oangeande Frysk by Taalwetgemeenten. Us advysaktiviteiten binne yn de rin fan de tiid gearkaam yn ien oerkoepeljend advystrajekt, "Frysk en de Taalwetgemeenten". Wy hoopje dat de útkomsten helpe sille om de útfiering fan taalbelied te optimalisearjen en dat se fertuten dwaan meie by takomstige beliedsoanpassings.

Jo fine hjirûnder earst in oersjoch fan ús aktiviteiten binnen dit gearstalde advystrajekt. Dêrnei wurde de ûndersiken en DINGpetearen koart gearfette en wurde de belangrykste konklúzjes en oanbefellingen per aktiviteit oanhelle. Ofslutend fine jo, gearfetsjend, de wichtichste oanbefellingen byinoar. Yn de taheakke fine jo in oersjoch fan relevante dokumintaasje.

It wie ús doel om al begjin 2021 ta in ôfrûning fan dit trajekt te kommen, mar koroana hat dat by werhelling ûnmooglik makke. No, oardel jier fierder, rekkenje wy derop dat ús advyswurk likegoed noch fertuten dwaan kinne sil foar gemeentlik taalbelied yn Fryslân.

1. Oersjoch advysaktiviteiten

Sûnt 2017 hat DINGtiid ferskate advysaktiviteiten útfierd dy't te krijen ha mei de posysje fan it Frysk yn de Taalwetgemeenten.

It Frysk by gemeentlike weryndielingen (2018)

Mercator Research Centre hat op fersyk fan DINGtiid yn 2017/2018 ûndersyk dien nei gemeentlike weryndielingen yn Fryslân en de posysje dy't it Frysk dêrby hie of krige. De resultaten en oanbefellingen fan it rapport (*De rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân*) binne yn 2018 presintearre.

Nulmjitting gemeentlike ynset taalbelied Frysk (2019)

Undersyksburo Partoer hat op fersyk fan DINGtiid, yn gearwurking mei Gemeenten & Frysk, fan de Afûk, yn 2019 in nulmjitting útfierd ûnder de Taalwetgemeenten. Gemeentlike taalamtneren ha doe ynput jûn om ynsjoch te krijen yn de ferhâlding tusken de ambysjes yn it (doe) rinnende gemeentlike taalbelied op it mêd fan Frysk en de werklike ynset yn tiid en jild foar dy ambysjes. It rapport fan Partoer (*Analyze taalbelied Frysk*) waard begjin 2020 oplevere.

DINGpetear "Steat fan it Frysk" (2020)

Op fersyk fan it ministearje fan Ynlânske Saken hat DINGtiid, yn gearwurking mei de Afûk, op 12 maart 2020 in DINGpetear organisearre oer de "Steat fan it Frysk". By dat DINGpetear binne, nei in ynlieding oer de skiednis fan it Fryske taalsurveywurk, taalsosjologyske ûndersikers en taalbeliedsamtners mei-inoar yn petear gien. It doel wie oan de iene kant om it dochs noch diffuze byld fan de hjoeddeiske steat fan beharsking en gebrûk fan it Frysk skerper te krijen. Tagelyk wie it DINGpetear ornearre om beliedsmakkers mei wittenskippers fan gedachten wikselje te litten en te besjen oft neier omtinken foar de gearwurking tusken taalwittenskip en taalbelied winsklik is.

It hiele advystrajekt "Frysk yn de Taalwetgemeenten" soe op 7 jannewaris 2021 ôfsletten wurde mei in DINGpetear. Dat wie ornearre as ôfrûnjende sessy, bedoeld foar benammen wethâlders fan Taalwetgemeenten, om it hiele trajekt noch ienris oer te eidzjen en de wichtichste ûnderfiningen en oanbefellingen mei te jaan. Om koroana moasten we dat DINGpetear by werhelling ferstelle. Op 22 juny 2022 wurdt it DINGpetear dochs noch hâlden.

2. Gearfettingen ûndersiken

Yn dit haadstik wurde de niisneamde advysaktiviteiten fan DINGtiid ynhâldlik koart op in rynchje set. Wat binne de belangrykste konklúzjes en oanbefellingen?

2.1 Undersyk oer de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen (2018)

Foarmje gemeentlike weryndielingen in bedriging foar Frysk taalbelied? Dy ûndersyksfraach stie sintraal yn in ûndersyk nei de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielingen yn Fryslân, útfierd troch Mercator yn opdracht fan DINGtiid. Ut it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden (artikel 7.1 lid b) folget dat bestjoerlike weryndielingen de befoarderding fan it Frysk net yn it paad stean meie. Mercator is neigien hokker rol oft de Fryske taal spile(t) yn de fúzjeprosessen by fjouwer gemeentlike weryndielingen: de fúzjes dy't yn 2018 laat ha ta de nije gemeenten Ljouwert, Súdwest-Fryslân en Waadhoeke, en de fúzje fan Noardeast-Fryslân, dy't op it stuit fan skriuwen fan it advys geande wie mar noch net ôfrûne wie (de fúzje hat yn 2019 syn beslach krigen).

De bestjoerlike kaart fan Fryslân is yn beweging en de ferwachting is dat it tal gemeenten yn de takomst fierder ôfnimt. Dêrby fusearje ek Fryske plattelânsgemeenten mei gemeenten mei in mear stedsk karakter, dêr't it Frysk in minder grutte rol spilet. Op grûn fan de Taalwet hawwe Fryske gemeenten de ferplichting om in taalbeliedsplan op te stellen en in taalferoarderding te hawwen om de posysje fan it Frysk te befoarderjen. De ferwachting op it stuit fan skriuwen fan it rapport wie dat alle Fryske gemeenten dat yn 2020 regele hawwe soenen.

Mercator stelt yn it rapport dat weryndielingen faak liede ta kompromissen en yn guon gefallen ta efterútging op it mêd fan it Fryske taalbelied. Sa krijt de Fryske taal by alle fjouwer fúzjegemeenten min omtinken yn it sport-, soarch- en rekreaasjebelied. Wat fyzje op it mêd fan taalbelied oanbelanget, ferskille de gemeenten faninoar. En ek de beskikbere budzjetten foar it útfieren fan it belied binne frijwat ûngelyk.

Oanbefellingen

Belangrike oanbefellingen fan Mercator oangeande rinnende en nije fúzjeprosessen en weryndielingen binne:

1. Soargje foar strukturele finansjele middels foar de útfiering fan taalbelied

In tekoart oan struktureel jild behinderet de befoardering fan it Frysk troch de gemeenten. Yn de praktyk kin dat betsjutte dat ferskate saken 'hingjen' bliuwe of net útfierd wurde kinne. Soks befoarderet de dynamyk en it imago net.

2. Bring beskikbere budzjetten foar taalbelied better yn byld

It docht bliken dat it lestich is om ynsjoch te krijen yn de budzjetten dy't gemeenten ynsette foar it taalbelied Frysk. Faak hawwe gemeenten wol spesifyk jild beskikber makke foar it taalbelied, mar wurde ek saken op dat mêd út oare potsjes betelle. Dat makket it lestich om gemeenten op dat punt mei-inoar te fergelykjen, wat wol winsklik wêze soe om bygelyks in ynskating te meitsjen wat gemeenten gemiddeld nedich hawwe foar it útfieren fan it taalbelied.

3. Meitsje de posysje fan taalamters dúdliker en prominenter

De ûndersikers fan Mercator misse by gemeenten it elan fan de 'lokale taalstiper'. Dat soe yn it ramt fan profesjonalisearring fan de funksje fan taalamtners goed wêze. De ûndersikers stelle boppedat dat soks nedich is foar in goede útwurking fan it taalbeleid. Mear oeren foar it taalbelied soe al in stap yn de goede rjochting wêze kinne.

4. Draach taalbelied organisaasjebreed út en sykje gearwurking mei soarch, sport en ûnderwiis

Taalbelied liket noch (te) faak ôfhinklik fan guon persoanen, bygelyks Frysksinnige bestjoerders of in entûsjaste taalamtner. Taalbelied moat eins organisaasjebreed, mar ek dêrbûten, bekend wêze en droegen wurde. Om dat foarinoar te krijen soene gemeenten aktyf de gearwurking sykje moatte mei oare organisaasjes, lykas skoalkoepels, soarchynstellingen en sportklups. Gemeenten soene it petear oangean moatte oer hoe't organisaasjes it Frysk brûke en stimulearje kinne, yn kombinaasje mei in foar dat doel beskikbere subsydzjeregeling.

5. Stimulearje aktyf de kontakten en útwikselingen mei Europeeske minderheidstaalgebieten

Op ferskate plakken yn Europa binne gemeenten aktyf dwaande mei it tema meartaligens en minderheidstalen. Fryske gemeenten soene troch it oanheljen fan kontakten mei dy gemeenten wat leare kinne en ynspiraasje opdwaan kinne. Dat wurket allinnich as der belangstelling is fan de amtners en it gemeentebestjoer foar sa'n ynternasjonale gearwurking. Mooglik soe in pilot dien wurde kinne op dat mêd.

6. Doch mear ûndersyk nei 'good practice' fan taalbelied yn oare minderheidstaalgebieten

Neist de mooglikheid ta útwikseling oer de steatsgrinzen hinne, soe it goed wêze om ûndersyk te dwaan nei *good practices* yn oare minderheidstaalgebieten op it mêd fan gemeentlik taalbelied. Om dan foaral te sjen nei hoe't oare minderheidstaalgebieten it Hânfêst fertale yn belied. Goede ideeën soene meinommen wurde kinne yn de beliedsfoarming fan Fryske gemeenten.

7. Undersykje hoe't gemeenten mei minimale middels maksimaal resultaat berikke kinne

Dúdlik is dat in soad gemeenten minimale middels (finânsjes, fte's) beskikber hawwe foar de útfier fan harren taalbeliedsplan. It soe goed wêze om út te sykjen hoe't gemeenten mei dizze minimale middels maksimaal resultaat berikke kinne. In platfoarm lykas Gemeenten & Frysk soe him dêrfoar liene kinne. Ek soe sjoen wurde kinne hoe't gemeenten yn it bûtenlân harren middels besteegje oan taalbelied, sadat dat meinaam wurde kin yn de beliedsfoarming fan Fryske gemeenten.

2.2 Nulmjitting gemeentlike ynset taalbelied Frysk (2019)

DINGtiid hat, yn oparbeidzjen mei de Afûk, yn 2019 opdracht jûn oan ûndersyksburo Partoer ta in ferfolchûndersyk yn it dossier fan it Frysk by de Taalwetgemeenten. It doel fan it ûndersyk wie om ynsjoch te krijen yn hoe't Taalwetgemeenten harren belied ynrjochtsje. Dêrta hat Partoer in nulmjitting útfierd. It gie dêrby om kwantitative, net om kwalitative gegevens. De sintrale ûndersyksfraach wie: "Wat is de ynset fan gemeenten foar de Fryske taal en hoe ferhâldt him dat ta de ambysjes fan de gemeenten?" Foar dit ûndersyk hat Partoer him rjochte op de perioade tusken 2014, doe't de Taalwet yngie, en maaie 2019. Per gemeente is in 'tabelleboek' opsteld, mei dêryn in beliedsanalyse en in analyse fan de útkomsten út de enkête dy't eltse gemeente krigen hat.

Partoer konkludearre dat Taalwetgemeenten yn Fryslân noch folle mear dwaan kinne om de Fryske taal binnen harren eigen organisaasje mar ek yn harren eksterne kommunikaasje te fersterkjen. Partoer die de folgjende oanbefellingen:

1. Fryske dokuminten aktyf oanbiede

Oan ynwenners soe altyd dúdlik meidiel wurde moatte dat guon dokuminten ek yn it Frysk beskikber binne. Dêrtroch sil der mear gebrûk fan makke wurde.

2. Taalbewustwêzen meiwurkers fergrutsje

Foar de measte gemeenten jildt dat de taal fan de ynwenners liedend is by de taal dy't weromsprutsen wurdt en dat dat op in natuerlike wize ferrint. Dochs is it goed om hjir geregeld omtinken oan te jaan by de meiwurkers en harren eventueel ynstruksjes te jaan. Sa wurde meiwurkers har mear bewust fan taal en fan de ynfloed dy't taal hat op ynwenners.

3. Taalbelied opstelle foar gebietsteams

Neist it wurk fan balymeiwurkers kin it Frysk ek in wichtige rol spylje by it wurk fan kommunikaasje- en gebietsteammeiwurkers en konsulinten. Spesifyk foar de gebietsteams is it wichtich om belied te meitsjen foar it Frysk, om't se soargje foar de ferbining fan ynwenners, organisaasjes en ferskillende foarmen fan soarch en stipe.

4. Frysk as funksje-eask

By fakatueres foar meiwurkers lykas neamd yn oanbefelling 3, soe it goed wêze om yn de fakatuere oandacht te skinken oan de rol fan de Fryske taal.

5. Omtinken foar Frysk yn eksterne kommunikaasje

By it opstellen fan parseberjochten, teksten op de webside en op sosjale media soe mear omtinken foar it Frysk wêze kinne. It is faak ôfhinklik fan it ûnderwerp oft der foar Frysk of Nederlânsk keazen wurdt. It Frysk kin dêr in gruttere rol yn krije. Dat makket it boppedat foar ynwenners makliker om yn it Frysk te reagearjen. In berjocht yn in beskate taal lokt in reaksje yn deselde taal út, blykt ek út ûndersiken.

6. Gearwurkje mei oare organisaasjes

Guon gemeenten fine dat se in foarbyldfunksje ha foar oare organisaasjes en gemeenten. Troch sels de Fryske taal te brûken, wolle se oare organisaasjes en gemeenten ynspirearje om dat ek te dwaan. Gean bygelyks as gemeente yn petear mei kultuerorganisaasjes, ûnderwiisinstellingen en wolwêzensorganisaasjes en meitsje harren bewust fan it brûken fan it Frysk. Eksterne organisaasjes kinne ek stimulearre wurde, bygelyks mei subsydzje.

7. Utweiding budzjet

Tige wichtich binne beskikbere formaasje en budzjet foar de Fryske taal. De measte gemeenten hawwe mar tusken de 0,05 en 0,1 fte beskikber foar it taalbelied Frysk. Yn dy tiid moatte alle taken dien wurde dy't yn it beliedsplan stean. It brûken fan it Frysk is boppedat soms oer meardere ôfdielingen ferspraat, mar dat is nearne offisjeel fêstlein. It tal oeren foar Frysk taalbelied soe útwreide wurde moatte – mei in dúdlik belein plak binnen de organisaasje – en it beskikbere budzjet navenant oanpast.

2.3 DINGpetear “Steat fan it Frysk” (2020)

Op 12 maart 2020 hat DINGtiid, yn gearwurking mei de Afûk, in DINGpetear organisearre oer de “Steat fan it Frysk” by Taalwetgemeenten. Dêrby waard in keppeling makke tusken taalmjitting en taalbelied. It DINGpetear waard bywenne troch amtners fan it ministearje fan BZK, provinsje Fryslân, en gemeentlike amtners dy’t Frysk yn portefúlje hawwe. Fierder wienen der ûndersikers oanwêzich fan ferskate Fryske organisaasjes. Prof. Durk Gorter (Universiteit fan Baskelân) hat in presintaasje jûn oer de status quo fan it Fryske taalsurveylânskip. Hy liet sjen hoe’t yn de twadde helte fan de 20^e iuw de taalmjitterij yn Fryslân in geregeld karakter krige en profesjonalisearre waard. In goede survey liedt ta better en struktureler ynsjoch yn de behearsking en it gebrûk fan it Frysk. Mar it gefaar is al dat der ferskillende metoades brûkt wurde. Wat is dan wier?

De dielnimmers ha nei dizze presintaasje fierder praat oer de “Steat fan it Frysk”, en bediskusjearre hoe’t taalpraktyk en taalbelied inoar fersterkje kinne, hoe’t surveyûndersyk dêryn past, en oft in panel-oanpak passend wêze kinne soe.

• Undersyksaginda

Neffens de dielnimmers soe der in ûndersyksaginda komme moatte oangeande de oansluting fan taalbelied en taalpraktyk. Fragen dêrby binne: hoe rjochtet men sa’n aginda yn? Hoe breed moat dy wurde? Wêr kin de finansiering wei komme? By hokker wittenskiplike en tapaste beliedsdoelen slút it oan? Kin sa’n aginda opset wurde yn in netwurkorganisaasje?

• ‘Taalloket’

By gemeenten blykt ferlet te wêzen fan ien sintraal plak (*hub*), dêr’t de útkomsten fan ûndersiken oangeande taalbelied te finen binne, opgemeentlik en provinsjaal nivo. Op ien plak soe dan bekend wêze wat der op in stuit oan rinnend ûndersyk is en wêr’t ferlet fan is. In soart taalloket, dêr’t minsken mei ûndersyksfragen terjochte kinne. It idee waard opsmiten om in ‘Fryske taaluny’ te kreëarjen, ferlykber mei de Nederlânske Taalunie, dêr’t de ûnderskate aktoaren yn byinoar komme en ûndersyk yn útsette. De fraach is wol hoe’t de regyrol dêrby it bêst belein wurde kin.

3. Gearfetsjend: de wichtichste oanbefellingen

De ôfrûne jierren is der in soad dien oan it fersterkjen fan it Frysk taalbelied, sawol by de Taalwetgemeenten sels as provinsjebreed. No’t it bestjoerlik oerlis ‘Mei-inoar foar it Frysk’ nei it punt fan ûndertekenjen fan in konvenant tawurket, komt it aanst op de útfiering oan. Ut de ferskate advystrajekten en DINGpetearen fan DINGtiid oangeande Taalwetgemeenten binne in pear algemiene punten te heljen dy’t yn dizze faze fertuten dwaan kinne.

1. Kommunikaasje

Lit as gemeente sjen dat taalbelied wichtich is, draach dat faak en breed út, en jou sa it goede foarbyld. Soargje foar oandacht foar Fryske taalfeardichheid yn nije fakatueres. Kommunisearje in protte yn it Frysk, en net allinne oer ûnderwerpen dy’t tradisjoneel by it Frysk hearre (lykas taal en kultuer) mar ek oer algemiene ûnderwerpen, lykas ferkearsfeilichheid, berne-opfang of soarch. Meitsje it Frysk sa ‘normaal’ en fertroud. Folgje by boargerkontakt de taal fan de boarger, mar nûgje dêrby aktyf ta Frysk praten, sadat dat stimulearre wurdt. Nim dêryn ek de gebietsteams mei, dy’t ommers ticht op de lokale mienskip stean.

2. Partners

It bliuwt wichtich om op geregelde basis mei partners te oerlizzen. Mei oare gemeenten, mei de provinsje, mei provinsjale taalpartners, mar foaral ek mei de maatskiplike partners yn de eigen gemeente. Belûk harren by it opstellen en ymplementearjen fan taalbelied, en freegje harren om it gemeentlik taalbelied út te dragen – op basis fan de subsydzjerelaasje is dat folslein ferantwurde. Soargje sa dat der altiten dúdlik, duorjend, droegen taalbelied is.

3. Stipe

Der is yn it ferline wetlik in soad foar it Frysk regele, en dat hat syn paad fûn nei gemeentlike taalbeliedsplannen. Om no op gemeentlik nivo ta optimale útfiering dêrfan te kommen, is it goed om de amtner(s) dy’t taal yn it pakket ha, promininter te meitsjen en harren genoch tiid en budzjet mei te jaan. Ek wichtich is dat it gemeentebestjoer geregeld iepentlik bestjoerlike stipe foar harren taalbeliedswurk ferliend, sadat dat wurk sawol binnen de eigen organisaasje as dêrbûten noch sichtberder wurdt en makliker oernaam wurde sil.

4. Taalloket

As lêste: gean mei-inoar troch op it ynsleine paad dat ta in mienskiplik 'taalloket' liede kin dêr't taalwittenskip en taalbelied inoar fine en foarúthelpe kinne. Sa'n *hub* sil helpe foar it sammeljen en taljochtsjen fan ûndersyksútkomsten en foar it streamlynjen fan takomstich taalûndersyk. Sa krije oerheden in betrouber startpunt foar ûndersyksfragen oer taal en taalbelied en kin de taalwittenskip effisjint syn wurk dwaan.

4. Oan de ein...

... betankje wy noch graach ús ûndersykspartners fan de ôfrûne jierren, Mercator en Partoer. Fierder tankje we de Afûk, dêr't we meardere kearen noflik mei gearwurke ha en dy't himsels mar wer ris as dé partner op it mêd fan de promoasje fan it Frysk bewiisd hat. Fierder betankje we alle petearpartners yn de advystrajekten en de dielnimmers en sprekkers fan de DINGpetearen foar harren ynbring.

We binne der noch net, der is noch in soad wichtich wurk te dwaan foar it Frysk. De minsken moatte it by einsluten sels dwaan, mar de oerheden spylje dêrby in krúsjele rol. It komt, lykas altiten, op oanpakken en beethâlden oan. In fêste, ambisjeuze koers. Fansels is DINGtiid altiten ree syn befinings ta te ljochtsjen of in ynspirearjend petear oer takomstich taalbelied te fieren.

Mei de ûnderskate tajekten en de gearfetsjende oanbefellingen hopet DINGtiid it fûnemint ûnder ús taal noch wat steviger te meitsjen, sadat we fierder kinne, "mei-inoar foar it Frysk"!

Taheakke: Dokumintaasje

Seleksje fan relevante publikaasjes út de perioade 2014-2020.

Gemeenten en Frysk: "Frysk by oerheden" (2020)

Link: <https://bit.ly/372dTaM>

Provinsje Fryslân: "Taalatlas Fryslân – Fryslân in cijfers"
(2020, en ek 2007, 2011 en 2015)

Link: <https://bit.ly/3gztcuB>

DINGtiid: "Het gebruik van het Fries bij Rijksuitvoeringsorganisaties –
Casestudy" (maart 2020)

Link: <https://bit.ly/3n7rUcC>

Partoer (yn opdracht fan DINGtiid): "Algemeene analyse taalbelied
Frysk by gemeenten" (jannewaris 2020)

Link: <https://bit.ly/374rfDx>

Partoer (yn opdracht fan gemeente Leeuwarden): "Behoeftte inwoners
gebruik Friese taal" (16 maaie 2019)

Link: <https://bit.ly/2JVDxFp>

Gemeente Leeuwarden: "Intern onderzoek Gebruik van de Fryske
taal" & "Analyse interne enquête Fries Gemeente Leeuwarden"
(april 2019)

Link: <https://bit.ly/2JVDxFp>

Fryske Akademy (yn opdracht fan de Nederlandse Taalunie):
"Fries-Nederlandse contactvariëteiten in Fryslân – Rapport voor de
Nederlandse Taalunie" (febrewaris 2019)

Link: <https://bit.ly/3m2lqul>

Mercator (yn opdracht fan DINGtiid): "De rol fan it Frysk by
gemeentlike weryndielingen yn Fryslân" (july 2018)

Link: <https://bit.ly/3n98nbO> & <https://bit.ly/3n5t7kT>

Fryske Akademy: "Taal yn Fryslân – de folgjende generaasje"
(juny 2018)

Link: <https://bit.ly/2JSCINp>

Dorien te Boome: "Nog minstens honderd jaar verder met het Fries
– Aanbevelingen Taalbeleid Fries gemeente Súdwest-Fryslân"

(24 maaie 2018)

Link: <https://bit.ly/3gxBV0v>

Gemeente Heerenveen: "Fierder mei Frysk – Frysk mei der wêze"
(ûndersyk yn de taheakken) (2017-2018)

Link: <https://bit.ly/3oDBsg0>

DINGtiid oan deputearre Poepjes: "Budzjet/fte foar it Frysk by
gemeenten" (septimber 2016)

Link: <https://bit.ly/33ZMHax>

Pro Facto (yn opdracht fan DINGtiid): "Herindeling Westergo en het
gebruik van de Friese taal" (jannewaris 2015)

Link: <https://bit.ly/3n98UKQ>

Provinsje Fryslân: "Streektalenatlas" (2014)

Link: <https://bit.ly/3gKDnwJ>

www.dingtiid.fr

ynfo@dingtiid.fr

© 2022, DINGtiid